

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

| | |
|-------------------------------------|---|
| Rjochte oan DS / lid DS | Sietske Poepjes |
| Ynljedende taljochting (fakultatyf) | <p>Frysk yn de Grûnwet/Statút</p> <p>Mei't it seizoen fan de ferkiezingsprogramma's foar de Twadde Keamer wer begûn is, bringe guon partijen op 'e nij it foarstel om it Frysk yn de Nederlânske Grûnwet te ferankerjen op it aljemint. De FNP fynt dat in goede saak.</p> <p>Spitich genôch hat de hjoeddeiske regearing fan VVD, CDA, ChristenUnie en D66 twa jier lyn besletten¹ om it eardere foarstel foar it Frysk yn de Grûnwet yn te lûken, dat de regearing Balkenende IV yn 2010 yntsjinne hie.</p> <p>Yn 2007 hawwe Provinsjale Steaten unanym besletten dat it Frysk opnaam wurde moast yn de Grûnwet en dêrfoar it 'Steatekomitee Frysk yn de Grûnwet'² oprjochte, om de belangen fan de Fryske taal en de lykweardigens mei klem ûnder de oandacht te bringen yn De Haach. It Kolleezje fan Deputearre Steaten dielde doe dat stânpunt, neffens it bestjoersakkoard fan dy tiid.³</p> <p>De FNP wol dat it Kolleezje fan Deputearre Steaten him sterk makket om it Frysk yn de heechste wetlike regeljouwing fan ús lân te ferankerjen en freget it Kolleezje dêrom om aksje te ûndernimmen nei De Haach ta, sadat it oar jier by de foarming fan in nije regearing regele wurde kin.</p> <p>De FNP wol dat it Kolleezje dêrby ek nei de mooglikheden sjocht om it Frysk yn de allerheechste regeling fan ús Keninkryk fêst te lizzen, yn it Statút foar it Keninkryk fan de Nederlannen.⁴</p> |
| Fraach / fragen | <ol style="list-style-type: none"> 1. Is it Kolleezje it mei de Steatefraksje fan de FNP iens dat it Frysk in plak krije moat yn de heechste wetlike regeljouwing fan ús lân? 2. Fynt it Kolleezje, krekt as de FNP, dat it tige spitich is dat de hjoeddeiske regearing twa jier lyn besletten hat om it foarstel foar it Frysk yn de Grûnwet yn te lûken? |

¹ Tweede Kamer, vergaderjaar 2017-2018, 32 522, nr. 7, *Brief van de Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties*, 15 februari 2018 en Tweede Kamer, vergaderjaar 2017-2018, 32 522, nr. 8, *Verslag van een schriftelijk overleg*, 22 mei 2018;

² Provinsjale Steaten, Inisjatyffoarstel 'Ynstallaazje Steatekomitee Frysk yn de Grûnwet', 31 oktober 2007. It 'Steatekomitee Frysk yn de Grûnwet' is letter it 'Steatekomitee Frysk' wurden, mei in bredere taak foar it Frysk oer dan it krewearjen foar de Fryske taal yn de Grûnwet.

³ Coalitieakkoord 2007-2011, Minsken, 'Verder willen wij dat het Fries als tweede rijkstaal wordt opgenomen in de Grondwet.', p. 4;

⁴ C. Borman, *Het Statuut voor het Koninkrijk*, Wolters-Kluwer, derde druk, Deventer 2012; H.G. Hoogers, *De normenhiërarchie van het Koninkrijk der Nederlanden – Een bijdrage aan het constitutionele koninkrijksrecht*, Wolf Legal Publishers, Nijmegen 2009;

| | |
|--|---|
| | <p>3. Wat fynt it Kolleezje fan de argumintaasje fan de regearing Rutte III, dy't neffens it Keamerbrief fan 2018 net oertsjûge wie fan de needsaak fan it foarstel, omdat der gjin driuwende maatskiplike behoefte en 'foldwaande konstitúsjonele ripens' wêze soe? Yn 2010 wie de eardere regearing noch fan betinken dat der grûn wie om de Grûnwet op dit punt oan te passen. Hat it Kolleezje fan de regearing Rutte III te hearren krigen wêrom't dy dêr no oars oer tinkt?</p> <p>4. Is it Kolleezje it mei de FNP iens dat der yn Fryslân wol deeglik noch hieltyd in driuwende maatskiplike behoefte is om it Frysk ek yn de heechste wetlike regeljouwing fan ús lân fêst te ferankerjen? As dat sa is, kin it Kolleezje dat dan ûnderbouwe? As dat net sa is, wêrom net?</p> <p>5. Wol it Kolleezje him derfoar ynsette dat dit punt by de foarming fan in nij kabinet op 'e nij yn it regearakkoart komt?</p> <p>It Statút foar it Keninkryk fan de Nederlannen is net sa bekend, mar it is de allerheechste regeling fan ús Keninkryk en giet as noarm boppe de Grûnwet. Mei in oanpassing fan it Statút soenen yn ien kear neist it Frysk ek de talen fan de Antillen (Papiamintsk en Ingelsk) mei-opnaam wurde kinne. Dat wie earder in kritykpunt by de foarstelde Grûnwetswiziging fan 2010.</p> <p>Om in wiziging fan de Grûnwet troch te fieren moat in swiere proseduere trochrûn wurde, mei twa lêzingen yn sawol de Earste as Twadde Keamer en in twa tredde mearderheid yn twadde lêzing. De proseduere⁵ fan it Statút is in stik minder dreech: foar in oanpassing fan it Statút binne neist in gewoane mearderheid yn de Nederlânske Twadde en Earste Keamer úteinlik trije gewoane mearderheden yn de parleminten fan Kurasao, Aruba en St. Marten nedich.</p> <p>6. Wol it Kolleezje de mooglikheden ûndersykje om it Frysk op te nimmen yn it Statút, de heechste wetlike regeling fan ús lân? Is it Kolleezje ree om neist de wenstige oerlizzen yn De Haach dêrfoar kontakt op te nimmen mei de regearingen fan de oare lannen fan ús Keninkryk (Kurasao, Aruba en St. Marten) en dêryn mei-inoar op te lûken?</p> |
|--|---|

| | |
|---------------|--|
| Yntsjinner(s) | (fraksje / namme / hântekening) FNP Sijbe Knol |
|---------------|--|

| | |
|-------|-----------------|
| Datum | 3 novimber 2020 |
|-------|-----------------|

⁵ Artikel 55 Statút foar it Keninkryk fan de Nederlannen.